Doarpsmûne Reduzum

## Informatiefolder 'Nieuwe molen'



*Na ruim 20 jaar trouwe dienst is de huidige dorpsmolen van Reduzum aan vervanging toe. Binnenkort komen wij bij u aan de deur met de vraag of u wilt participeren/deelnemen in de nieuwe molen. Daarnaast willen wij graag uw mening over de ashoogte van de molen. In deze informatiefolder wordt u geïnformeerd over deelname en de technische specificaties van de nieuwe molen.*

**Nieuwe dorpsmolen**

*De Stichting Dorpsmolen Reduzum wil de huidige molen vervangen door een nieuwe Enercon E44. De molen kan in twee varianten worden geleverd waarbij de ashoogte en daarmee ook de opbrengst verschilt. Bij een ashoogte van 45 meter levert turbine naar verwachting 1.500.000 kWh. Tegen een meerprijs van €2.500,- zal de 55 meter variant 100.000 kWh meer per jaar opleveren. Voor meer informatie kunt u de website van de molenstichting raadplegen.*

**www.dorpsmolen-reduzum.nl**

**Rentecertificaten**

Deelname is mogelijk vanaf **€100,-** per certificaat. Er wordt geen limiet gesteld aan het aantal certificaten.

Neem het volgende in ogenschouw.

**1.** Deelname is *geen schenking*. U leent het geld aan de molenstichting en krijgt het na 5 of 10 jaar volledig terug. (ijs en weder dienende)

**2.** Net als bij een spaarrekening vergoeden wij rente. De rente wordt elk jaar uitbetaald.

| Rente 1-5 jaar | Rente 6-10 jaar |
|---|---|
| 1e jaar: 2% | 6e jaar: 3% |
| 2e jaar: 2% | 7e jaar: 3,5% |
| 3e jaar: 2,5% | 8e jaar 3,5% |
| 4e jaar: 2,5% | 9e jaar 4% |
| 5e jaar: 3% | 10e jaar 4% |

**Tabel:** *Rentevergoeding*

**3.** De molen verdient zich in 10 jaar volledig terug. Tegenslagen worden door ons zo veel mogelijk afgedekt door middel van een verzekering (o.a een opbrengstverzekering en een verzekering tegen blikseminslag)

**4.** De molen gaat naar verwachting meer dan 20 jaar mee.

**5.** Het geld dat verdient wordt met de molen gaat terug naar de drie dorpen (Reduzum, Idaerd en Friens). Denk daarbij aan zaken van algemeen belang die anders niet of met veel moeite gerealiseerd kunnen worden.

**Bijdrage aan de dorpen in de afgelopen jaren**

1997: Bijdrage dubbele beglazing dorpshuis Friens.
1998: Zonnepanelen school (TDS) bij nieuwbouw.
2001: Display school voor zonnepanelen;
Bijdrage verbouwing 't lokaeltsje Friens'.
2002: Plaatsen panelen kantine en gymzaal.
2003: Bijdrage verbouw kantine Reduzum;
Plaatsing tellers zonnepanelen
2004: Informatie borden de Slachte;
Educatie materiaal;
Zelfbouw zonnepanelen.
2006: Bijdrage verbouw dorpshuis Idaerd.
2008: Led lampen actie, elke huishouding één lamp.
2010: Warmtebeeldcamera;
Bijdrage project '*water for everyone*' (panelen).
Kerstverlichting kerstboom Reduzum;
2011: Belettering Doarpsmûne.
2012: Reparatie omvormer gymlokaal;
Bijdrage schoolbus;
Prullenbakken zwemplek;
Reparatie schoolbus.
2013: Buitenverlichting 'sportstichting'.
2014: Nieuwe omvormer kantine.
2015: Nieuwe HR-ketel ''t Lokaal' Idaerd.

Daarnaast heeft de molenstichting de afgelopen jaren bijeenkomsten georganiseerd in het kader van energie besparings- avonden en de gezamenlijke inkoop van zonnepanelen begeleid.

Mocht u naar aanleiding van deze folder nog vragen hebben over de inhoud, dan kunt u het beste de website van de molenstichting raadplegen of één van de bestuursleden benaderen.

**Molenstichting Reduzum:**

*Henk Vellinga, Bartle de Leeuw, Jan Rodenburg, Remko Dijkstra, Albert Bouwstra en Jeljer Zijlstra.*

Doarpsmûne Reduzum

## Ynformaasjefolder 'Nije mûne'



*Nei 20 jier tsjinst dien te hawwen, wurdt it tiid foar in nije doarpsmûne. Ynkoarten kinne jo ús oan de doar ferwachtsje mei de fraach oft jo ek partisipearje wolle yn de nije mûne. Dêrneist wolle wy graach jo miening witte oer de ashichte fan de mûne. Yn dizze ynformaasjefolder wurde jo op 'e hichte brocht oer dielname en de technyske spesifikaasjes fan de nije mûne.*

**Nije doapsmûne**

*De stifting doarpsmûne Reduzum wol de âlde mûne ferfange troch in nijenien, de Enercon E44. De mûne kin levere wurde yn twa farianten wêrby't de ashichte fariearret en dêrmei ek de opbringsten. By in ashichte fan 45 meter leveret de turbine nei ferwachting 1.500.000 kWh it jier. Tsjin in mearpriis fan € 2.500,- sil de 55 meter fariant alle jierren 100.000 kWh mear opsmite. Mear ynformaasje kinne jo op de [webside fan de mûnestifting](#) fine.*

**www.dorpsmolen-reduzum.nl**

**Rintesertifikaten**

Dielname is mooglik fan **€100,-** it sertifikaat ôf. Der wurdt gjin limyt steld oan it tal sertifikaten.

Hâld rekken mei de folgjende saken:

**1.** Dielname is *gjin skinking*. Jo liene it jild oan de mûnestifting en krije de folsleine ynlis nei 5 of 10 jier werom (as iis en waar it talitte).

**2.** Krekt as by in sparrekken fergoedzje wy rinte. De rinte wurdt alle jierren útbetelle.

| **Rinte 1-5 jier** | **Rinte 6-10 jier** |
|---|---|
| $1^e$ jier: 2% | $6^e$ jier: 3% |
| $2^e$ jier: 2% | $7^e$ jier: 3,5% |
| $3^e$ jier: 2,5% | $8^e$ jier 3,5% |
| $4^e$ jier: 2,5% | $9^e$ jier 4% |
| $5^e$ jier: 3% | $10^e$ jier 4% |

**Tabel:** *Rintefergoeding*

**3.** De mûne fertsjinnet him nei 10 jier folslein werom. Tsjinslaggen wurde sa goed as mooglik opheind troch fersekeringen ôf te sluten (û.o. in opbringstefersekering en in fersekering tsjin wjerljocht).

**4.** De mûne giet nei alle gedachten sa'n 20 jier mei.

**5.** It jild dat de mûne opsmyt wurdt ynvestearre yn de trije doarpen Reduzum, Idaerd en Friens. Tink oan saken fan algemien belang dy't oars net of dreech te realisearjen binne.

**Bydrage oan de doarpen yn de ôfrune jierren**

1997: Bydrage dûbele beglêzing doarpshûs Friens.
1998: Sinnepanielen Skoalle (TDS) by nijbou.
2001: Display skoalle foar sinnepanielen;
Bydrage ferbouwing 't Lokaeltsje, Friens.
2002: Pleatsen fan panielen kantine en gymseal.
2003: Bydrage ferbou kantine Reduzum;
Pleatsing tellers sinnepanielen.
2004: Ynformaasjebuorden de Slachte;
Edukaasje materiaal;
Selsbousinnepanielen.
2006: Bydrage ferbou doarpshûs Idaerd.
2008: Ledlampe-aksje: alle húshâldingen ien lampe.
2010: Waarmtebyldkamera;
Bydrage projekt '*Water for everyone*' (panielen).
Krystferljochting krystbeam Reduzum.
2011: Belettering Doarpsmûne.
2012: Reparaasje omfoarmer gymlokaal;
Bydrage skoallebus;
Jiske-amers by it swimplak.
Reparaasje skoallebus.
2013: Bûtenferljochting 'Sportstifting'.
2014: Nije omfoarmer kantine.
2015: Nije HR-tsjettel 't Lokaal, Idaerd.

Dêrneist hat de mûnestifting de ôfrûne jierren foarljochtingsjûnen organisearre op it mêd fan it besparjen fan enerzjy. En hat de mûnestifting de koördinaasje fan de ynkeap sinnepanielen dien.

Mochten jo nei oanlieding fan dizze folder noch fragen ha, dan kinne jo it bêste de webside fan de mûnestifting rieplachtsje of ien fan de bestjoersleden oansjitte.

**Mûnestifting Reduzum:**

*Henk Vellinga, Bartle de Leeuw, Jan Rodenburg, Remko Dijkstra, Albert Bouwstra en Jeljer Zijlstra*